

*Hanno Brand en-dy (útjs.), De tienduizend dingen. Feestbundel voor Reinier Salverda. Ljouwert (2013), Fryske Akademy.*

Reinier Salverda hat by syn ôfskie as direkteur-bestjoerder fan 'e FA neffens in beskate akademyske tradysje in feestbondel meikrige. It is in dikke pil wurden fan in 500 siden. De fersoarging is kreas, mar spitigernôch mist in elemint dat mei de grutste wearde fan soksoarte útjeften útmakket: in foto fan 'e jubilaris. Der is al in persoanlike bibliografy opnommen. De bondel befettet fierders mar leafst 33 bydragen. De measte dêrfan geane oer net-Fryske ûnderwerpen. De opmerklikste dêrfan is efterôf miskien dy oer "De taalproblematiek in hedendaags Oekraïne", dêr't auteur Ben M. Groen ûnder oare yn foarseit dat dy taalproblematyk "een constante bedreiging (is) voor de politieke en sociale stabiliteit van het land". De pear artikels dy't fan belang binne foar de frisistyk wurde hjirûnder bylâns rûn.

Philippus Breuker (s. 175-193) spekularet oer it ta stân kommen fan de *Teschlaow*, dat oer it ginneraal oannommen wurdt in falsum te wêzen. Hy soe konspiearre wêze troch Paulus Scheltema, mei in yntrigearjende mediearjende rol fan dy syn gelearde broer Jacobus. De úteinlike ynspirator op 'e eftergrûn is de ferneamde Jacob Grimm, dy't mei Jacobus korrespondearre. Breuker jout hjir ek twa fan Grimm syn brieven út.

Eric Reuland giet op 'e siden 403-417 yn 'e pleit foar de stúdzje fan lytsere talen en dat soe ek dien wurde moatte troch lju dy't sels native speaker binne. Krekt sokke talen kinne neffens him ferskynsels ynha dy't fan belang binne foar algemiene teoryen. Reuland yllustrearret soks oan 'e hân fan ûntjouwings yn 'e skiednis fan 'e biningsteory, dêr't obstrewaasjes fan Jarich Hoekstra in wichtige rolle yn spile hawwe. Reuland pleitet mei dêrom foar it behâld fan sokke talen. Foar dat behâld is it neffens him wichtiger dat se earder "fashionable" binne as dat se in juridyske ynbêding ha.

Arjen Versloot en Elzbieta Adamczyk smite har op 'e siden 419-434 op in espeltsje haadwurden dy't yn it âldste Aldfrysk in meartal op *-e* ha. It giet om meartalsfoarmen as *liude* 'lju', *lithe* 'lidden', *friunde* 'freonen', *fiande* 'fijannen', *brothere*, *sustere* en *manne*. Dy blike fan ferskillende stammen ôf te kommen, mar ferliking mei it Aldingelsk smyt op dat der dochs wol wat mienskipliks is: de meartallen tsjutte hyltyd in kollektyf fan persoanen oan.

Eric Hoekstra (s. 435-448) hat de Midfryske útdrukkings *syn libben* en it út it Nederlânsk liende *syn leven* by de kop. Beide wurdt fan oantoand dat se negatyf-polêr binne. Neffens Hoekstra sil oars de negative wjer-

gader *syn leven net* earder liend wêze as de positive *syn leven*, dat er mei oannimlik makket mei de hege frekwinsje fan it negative *never nooit niet* yn it hjoeddeiske Nederlânsk. De foarm fan it besitlik foarnamwurd yn ‘e útdrukking kin koreferinsjeel wêze: *myn* en *dyn* komme bygelyks ek foar. De útdrukking komme semantysk aardich oerien mei *ea/nea*, mar binne sterker beheind ta emosjonele konteksten.

De oare Hoekstra, Jarich dus, giet neier yn op in oare útdrukking, te witten *tink* (s. 449-461). Dy is ûntstien út in tuskensintsje *tink ik*, mar hat him yn ‘e rin fan ‘e lêste oardel ieu fierder selsstannich ûntjûn ta in modaal partikel en in ekspressive ynterjeksje. Hoekstra giet ek de syntaktyske en pragmatyske gefolgen nei.

Yn dizze bondel ferliket Durk Gorter (s. 463-476) noch it ûnderwiis yn it Baskysk mei dat yn it Frysk. It lêste komt der net bêst foar wei, mar dat sil wol nimmen nij dwaan. Yn ‘e lêste bydrage ta de bondel (s. 477-487) jouwe Jan van der West, Alex Riemersma en Cor van der Meer in beskriuwing fan wat it Mercatorproject oant no ta út ‘e wei set hat en wat it noch fan doel is.

(siebren dyk)

*Hindrik Sijens & Anne Dykstra, Language Web for Frisian. Yn: I. Kosem, J. Kallas, P. Gantar, S. Krek, M. Langemets & M. Tuulik (eds.), Electronic lexicography in the 21st century: thinking outside the paper. Proceedings of the eLex 2013 conference, 17-19 October 2013, Tallinn, Estonia. Ljubljana/Tallinn (2013), Trojina, Institute for Applied Slovene Studies / Eesti Keele Instituut. <http://eki.ee/elelex2013/conf-proceedings>.*

Hjir wurdt in beskriuwing jûn fan wat it kommende Taalweb foar it Frysk allegearre te bieden hawwe sil: in standert wurdlist, in staveringshifker foar Word, in masinale oersetter, in wurdboekportaal dêr’t allegearre besteande wurdboeken yn opnommen binne, en in Nederlânsk-Frysk oersetwurdboek.

Der steane wol in pear rarichheden yn it stik. Yn ‘e earste fan de twa alinea’s dy’t wijd binne oan in yntroduksje ta it Frysk wurdt sein dat fan ‘e ynwenners fan ‘e provinsje “about 65% are able to speak the language”, en trije sinnen letter dat “almost 64% claim they are able to speak Frisian well”. Moat men dan konkludearje dat 1 persint it frij beroerd praat? Even letter lêze we dat de kleur *giel* sa útsprutsen wurde soe yn it noarden, wylst it yn it suden *geel* wêze soe. Hof jout it op side 52 fan *syn Dialectgeographie* lykwols krekt oarsom. En wat moatte bûtenlanners oan mei de meidieling: “The Fryske Academy suggested a moderate spelling reform to the provincial parliament”, dat dien wêze soe omdat “the existing spelling system proved to be quite complex and inconsistent” (s. 96). De logyske gedachte soe dan dochs wêze om it dan no ris simpel en konsistint te dwaan. In taljochting foar dat “moderate” is der lykwols net by.

De nije staveringshifker krijt ek in

foarsjenning dy't korrekte foarmen suggerearret. Bygelyks by in sintsje "hy wurde lik", dêr't ynstee fan it swakke wurde dan waard suggerearre wurdt. Moai, mar it is dan wol te hoopjen dat jo dy foarsjenning ek útsette kinne, want oars wurdt in skriuwer alle kearen by it optypen fan 'e tige frekwinte wurdfoarm wurde mei in opljochtsjend skermke konfrontearre en dêr kin in mins wol gek fan wurde (waard?).

(siebren dyk)

*Laura Onofri, Paulo A.L.D. Nunes, Jasone Cenoz & Durk Gorter, 'Linguistic diversity and preferences: econometric evidence from European cities'. Yn: Journal of Economics and Econometrics 56 (2013), 39-60.*

Oan 'e basis fan dit artikel leit in ferliking fan 'e publike talige uterings yn twa winkelstrjitten yn San Sebastian en Ljouwert. Der binne twa grutte ferskillen: yn Ljouwert is folle mear Ingelsk, wylst de minderheidstaal dêr neffens it Baskysk mar tige eameltsjes foar de hearen komt. De auteurs relatearje dat mei oan it ferskil yn hoe't de minderheidstaal troch de oerheid stipe wurdt. Har konklúzje is dan ek dat it bewarjen fan talige diversiteit, krekt as oare foarmen fan kultureel erfskip, in priis hat.

(siebren dyk)

*Henk Bloemhoff, Germen J. de Haan & Arjen P. Versloot, 'Language varieties in the province of Fryslân'. Yn: Frans Hinskens & Johan Taeldeman (útj.), Language and Space. An International Handbook of Linguistic Variation. Volume 3: Dutch. De Gruyter Mouton (2013), 721-738.*

Ein 2013 is der in tsjok boek ferskynd mei in oersjoch fan 'e Nederlânske dialekten, as ûnderdiel fan in gruttere searje *Language and Space*. Yn 'e ynlieding (s. 3-4) wurdt meidiel dat it Frysk bûten it boek holden is, omdat it histoarysk sjoen net in dialekt fan it Nederlânsk is en de taalsitewaasje sosjaal sjoen kompleks is as yn 'e oare Nederlânske dialektgebieten. Neffens de útjouwers fertsjinje de Fryske dialekten in apart diel yn 'e searje.

Likegoed is in haadstik (nûmer 38) opnaam oer de taalfariëteiten yn 'e provinsje Fryslân. It hat trije ûnderdielen. It koartst wurdt yngien op guon ferskillen tusken it Nederlânsk en it Frysk, benammen út it eachweid fan taalkontakt wei. It grutste part giet oer it stedsk. It is in moai oersjoch wurden, yndield neffens de ûnderskate lingwistyske nivo's, fan leksikon oant fonetyk, hytyd relatearre oan ferskillende ûntsteanshypezen. It Amelânsk, Biltsk en Midslânsk krije apart omtinken, mar ek it Kollumerlânsk, dat hast wol in unikum is yn ditsoarte fan oersjoggen. It tredde part is ynromme foar it Stellingwerfsk. Yn trije siden wurdt de posysje fan dat dialekt neffens oare Leechsaksyske tongslaggen sketst en passearje de wichtichste fonologyske en syntaktyske skaaimerken de revu.

(siebren dyk)

Nils Århammar, [besprek fan] Volkert F. Faltings, *Etymologisches Wörterbuch der friesischen Adjektiva*. Berlin / New York, De Gruyter (2010). Yn: *Zeitschrift für Dialektologie und Linguistik* 80 (2013), 77-89.

It is yn dizze rubryk gjin wizânsje en synjalearje besprekken, mar soms moat der in útsûndering makke wurde. Nils Århammar makket as besprekker fan Faltings syn magnum opus nammentlik fan ‘e gelegenheid gebrûk om sidenlang gâns in rige fan oanfollings en ferbetterings te jaan; in net ûnwichtich part dêrfan belangje nammers it Hilgelânsk oan. De troch Faltings yn syn boek dochs al wiidweidich behannele etymology fan ‘e Fryske eigenskipswurden krijt sa noch wer in lyts triuwke yn ‘e rêch. De rige krityske kanttekens moat oars net de yndruk jaan dat Århammar net te sprekken wêze soe oer Faltings syn boek. It is earder krekt oarsom, mei men wol sizze.

(siebren dyk)

Oebele Vries, ‘Aldermannen, riucht ende reed. Het laatmiddeleeuwse Leeuwarden, Friestalige archivalia, Friestalige stad’. Yn: *Leeuwarder Historische Reeks XI. Leeuwarden* (2013), 52-64.

Vries behannelet hjir de âldste stikken út it Ljouwerter stedsargyf. De stêd wie yn ‘e 15de ieu noch foar it grutste part frysktalich, alteast as ôfgien wurde mei op ‘e stikken dy’t doe produsearre waarden. De Frysktalige skriuwer Hemma Odda zin hie dêr in wichtich oanpart yn. It gong sels sa fier dat yn wat men wol de berteakte fan ‘e stêd neame mei, in bepaling opnaam is dat Hollanners eksplisyt beskate rjochten ûntsein waarden. (De Grinzers gongen oars noch fierder yn ditsoarte fan diskriminaasje). Nei 1500 waard it mei it brûken fan it Frysk yn it offisjele ferkear hurdop minder. Inkeld de strjitnamme Weaze ferwiist no noch nei it oarspronklik Frysk karakter fan ‘e stêd.

(siebren dyk)

Charlotte Gooskens en Renée van Bezooijen (bes.), *Phonetics in Europe. Perception and Production*. Frankfurt am Main (2013), Peter Lang Edition.

Dit boek is in samling fan fyftjin artikels, skreaun troch ienentweintich meiwurkers fan ûnderskate ôfdielingen fan de Rysksuniversiteit Grins en opdroegen oan Vincent van Heuven by gelegenheid fan syn pinsjonearring.

Twa artikels binne fan belang foar de frisistyk. Yn it earste plak is dat “Language policies and attitudes towards Frisian in the Netherlands” (s. 139-157) fan Nanna Haug Hilton en Charlotte Gooskens. Yn dat stik wurdt ferslach dien fan ûndersyk nei de wurdearring fan it Frysk. Mei help fan de matched guise-technyk is frege nei de wurdearring fan guon persoanlikheidskaaimerken fan Fryskpraters, t.w. modern wêzen, tûkens, oantreklikheid, normalens, freonlik-

heid en rykdom. De ynformanten wienen allegearre begjin tweintich en kamen út ferskillende plakken yn Fryslân (Ljouwert, It Hearrenfean) en dêrbûten (Grins, Utert, Spijkenisse). Der wienen mei-inoar 185; dêrfan hienen 41 it Frysk as thústaal (en 144 it Nederlânsk). It Frysk skoart op alle skaaimerken leger as it Nederlânsk, ek by de fan hûs út Frysktaligen. Al is it sa dat de Frysktaligen it Frysk einen moaier fine as de Nederlânsktaligen (dat jildt foar froulju én manlju). Fierders binne de Nederlânsktaligen yn Fryslân negativer oer it Frysk en positiver oer it Nederlânsk as deselden bûten Fryslân; foar de lêsten sil it Frysk in ‘ver-van-mijn-bed-show’ wêze, wylst de earsten der konkreet mei te krijen hawwe. Yn Fryslân binne de ferskillen yn wurdearring fan it Frysk en it Nederlânsk dus it grutst of, wat minder neutraal sein, de tsjinstellingen binne dêr it ekstreemst. Men is oars al benijd oft dy ferskillen op it plattelân, dêr’t it Frysk sterker stiet as yn Ljouwert en op It Hearrenfean, dan net noch grutter binne.

De “Mutual intelligibility between speakers of North and West Frisian” is it ûnderwerp fan in artikel fan Femke Swarte en Nanna Haug Hilton (s. 281-302). Alle Fryske dialekten moatte fan ien en deselde boarnetaal ôfstamme, mar it Frysk is yn ‘e rin fan ‘e tiid slim fersplintere en dat is net sûnder gefolgen bleaun foar de begryplikheid fan de ûnderskate Fryske dialekten ûnderinoar. Tusken it Noard-Frysk (it Mooringer dialekt) en it Westerlauwersk Frysk leit dy op 38%, in relatyf leech persintaazje. It komôf fan twa dialekten seit dus lang alles net. Dêr komt yn dit gefal noch by dat it Noard- en Westerlauwersk Frysk al iuwen geografysk faninoar skaat binne en beide yn nau kontakt steane mei gruttere buortalen (it Noardfrysk mei it Dútsk, it Westerlauwersk Frysk mei it Nederlânsk). Foaral dat lêste liket in wichtiger faktor te wêzen foar de begryplikheid, wichtiger yn alle gefallen as it histoarysk komôf. Boppedat binne it Noard-Frysk en it Westerlauwersk Frysk minderheidstalen, mei in lyts plak yn it iepenbiere libben en in navenant lytse rol yn it offisjele domein. De taalsjologyske sitewaasje fan in dialekt moat dus wol foargoed mei rekkene wurde.

It tal (potinsjele) Fryskpraters yn ‘ús’ Fryslân liket oars net wis te wêzen. Op s. 140 wurdt sein dat 70-75% fan ‘e ynwenners fan Fryslân Frysk prate kin (basearre op de fluchhifkingen fan de Provinsje fan 2007 en 2011 en de taalsurvey fan 1995), dat it tal Fryskpraters wurdt op 480.000 rûsd. Op side 283 giet it om likernôch 400.000 (basearre op in artikel fan Durk Gorter fan 1981), wylst it op side 287 op sa’n 410.000 útkomt (basearre op, neffens de Provinsjale fluchhifking fan 2011, 64% Fryskpraters fan it, neffens it CBS, totale tal ynwenners fan Fryslân). In ferskil fan op syn meast 80.000, dat is nochal wat. Men is benijd watfoar tal oft de nije taalsurvey aansen opsmyt.

(willem visser)

*Eric Hoekstra & Bouke Slofstra, ‘A diachronic study of the negative*

*polarity item syn leven 'his life' > 'ever' in West Frisian between 1550 and 1800*, *Language* 89 (2013), e39-e56.

Dit artikel is ferskynd yn it foar oansteande tydskrift *Language*, dat is te sizzen, yn in soarte fan nij opsette ûnderôfdieling “Historical Syntax”, dy’t allinne fia it ynternet te rieplachtsjen is. Sadwaande ek de wat apartige sidenûmering. It stik giet oer de Midfryske útdrukking *syn leven*. Dy is de lêste jierren wol ris faker op it aljemint kaam - sjoch hjirboppe by de beskriuwing fan ‘e feestbondel foar Reinier Salverda - mar sa goed útwurke as hjirre noch net. Tige nijsgjirrich is in keppeling oan in troch Haspelmath opstelde “semantic map”, dy’t de útholden negatyf-polêre eigenskippen goed yn kaart bringt. De auteurs beargumintearje fierder dat de útdrukking út it Nederlânsk komme moat, en beakenje him ôf tsjin it synonime *ea/oait*. Der is ek gâns omtinken foar it grammatikalisearringsproses, mei dêrby in nijsgjirrich útstapke nei it Sealtersk.

(siebren dyk)

*Peter Trudgill, 'Gender maintenance and loss in Totenmålet, English, and other major Germanic varieties'. Yn: Terje Lohndal (útj.), In search of Universal Grammar. From Old Norse to Zoque. Amsterdam/Philadelphia (2013), John Benjamins, 77-107.*

Yn in feestbondel foar de Noarske taalkundige Jan Terje Faarlund hat de bekende dialektoloch Peter Trudgill it ferskynsel fan slachteferlies yn it Germaansk by de kop. Primêr beskôget er dat as in gefolch fan taalkontakt, yn dy sin dat der omstannichheden wêze kinne dat in navenant grutte populaasje besiket om op in oare taal oer te gean, mar dat dat troch “imperfect learning” net alhiel slagget. It folsleine ferlies fan slachten, dus fan trije nei ien, skoot er op yntinsyf kontakt tusken hiel ferskillende talen (Súd-Afrika, Ingelân). Slachtereduksje, it tebekgean fan ‘e trije Aldgermaanske slachten nei twa, soe dan earder it gefolch wêze fan yntinsyf kontakt tusken mear besibbe dialekten. Foar Skandinaafske sintra (Bergen, Keappenhaven, Stockholm) soe it besibbe Leechdútsk út ‘e Hanzetiid de oanstekker west ha. De rap groeiende stêden yn ‘e Rânestêd wiene neffens Trudgill in ferlykber sintrum. Dêrútwei soe it ferskynsel him dan ferspraat ha, ek oer it Frysk. It Noardfrysk hat nei syn ynsjoch ûnder de ynfloed lein fan in oar sintrum, it taalkontakt tusken it Súd-Jutsk en it Sleeswyksk. Trudgill is hjir nammers minder wis fan himsels, sa’t er tajout. Dat liket mei reden, omdat it krekt de Noardfryske fêstelânsdialekten binne dy’t it âlde systeem bewarre hawwe. Boppedat dogge Föhr en Amrum apart omdat dy it froulik slachte net mei it manlik gearrane litte, mar mei it neutrum.

(siebren dyk)

*Florian Schwarz, 'Two kinds of definites cross-linguistically', Language and Linguistics Compass* 7/10 (2013), 534-559.

Der binne yn 'e frisistyk wol proefskriften skreaun dy't ynternasjonaal minder it omtinken krigen ha as Karen Ebert harres út 1971. Yn dit artikel, dat der foar pleitet om "beskatens" net as ien simpel begryp op te fetsjen, mar om it op syn minst útinoar te tyskjen yn twa ferskillende dielaspekten, krije har data en analyze fan it Fering in prominint plak. De foarbylden fan beskate lidwurden dy't respektyflik mei in /a/ of in /d/ begjinne (bygelyks *a/di kuupmaan* 'de winkelman') binne dan ek sprekkend.

(siebren dyk)

*Patricia Cabredo Hofherr, 'Reduced definite articles with restrictive relative clauses'. Yn: Patricia Cabredo Hofherr & Anne Zribi-Hertz (útjs.), Crosslinguistic studies on noun phrase structure and reference. Leiden / Boston (2014), Brill, 172-211.*

Data út Ebert har dissertaasje, hjir op s. 174 oantsjuten as in "seminal study", wurde yn dit artikel brûkt om in neier ûnderskied te meitsjen yn relative bysinnen. Gewoanwei wurde dy ferdield yn útwreidzjende en beheinende, mar hjir wurdt sjen litten dat fan 'e lêste kategory it allinnich de sinnen mei in skerpe tsjinstelling binne dy't inkeld it d-artikel talitte. Cabredo Hofherr pleitet dêrom foar it oannimmen fan mear ûnderskiften. Njonken it Fering wurdt ek rynsk gebrûk makke fan data út it Beiersk en it dialekt fan Vorarlberg.

(siebren dyk)

*Pyt Kramer, Formen-Wörterbuch des Saterfriesischen. Ynternetpublikaasje yn eigen behear (2014). Te finen op: <http://www.allezhop.de/frysk/FormenWtb/FWB.htm>.*

In Fundgrube foar it Sealtersk, dit foarmewurdboek fan hast 1200 siden. Kramer hat allegearre farianten yn it Sealtersk byinoar brocht ûnder ien lemma. Dat kinne útspraak- of staveringsfarianten wêze, mar ek morfologysk ferskaat. It lemma *hää-be* 'hawwe' kriget sa bygelyks 400 ferskillende foarmen ûnder him. De absolute frekwinsje is der by elke fariant ek byset, plus in alderienfâldichste oersetting fan it lemma. It gehiel is ynhâldlik fansels net te ferlykjen mei Kramer syn NSW (*Näi Seelter Woudebouk*), mar dit foarmewurdboek bestrykt teminsten wol it hiele abie!

(siebren dyk)